

**DYN
FRYHEID
ÚS MISSY**



FERKIEZINGSPROGRAMMA 2024

ChristenUnie

FERKIEZINGSPROGRAMMA 2024

De wyn yn it hier fiele. It laitsjen fan in bern dat by de dunen del rôlet. It iten fan iis op in sinnige dei. In boek lêze sûnder om de tiid te tinken. En ek: dy feilich fiele sûnder soargen. Om frij te wêzen yn dyn leauwen en frij om in bliuwende takomst te bouwen. Dat is frijheid en safolle mear. Frijheid dy't wy fine yn Nederlân en yn Europa.

Gearwurking yn Europa ûntstie 70 jier lyn út de ruïnes fan twa wrâldoarloegen. "Nea wer." Sa waard de foargonger fan 'e Europeeske Uny begûn út de winsk foar frede, gerjochtichheid en frijheid. De basis bestie út kristlike noarmen en wearden lykas minsklike weardichheid en in sosjaal en rjochtfeardich belied. Wat wy sjogge, sawol yn Europa as yn Nederlân, is dat dy yn de rin fan de jierren plak makke hawwe foar ynindividualisme, de oertsjoeging dat in minske alles sels yn de hân hat en de wet fan de sterkste. Dit set ús frijheid ûnder druk.

Frijheid fan leauwen sprekt net mear foar himsels; oan de grinzen fan Europa is oarloch en ûnfrede. De krêft fan Big Tech beheint ús frijheid online. Minskehannel, yngewikkeld of ûntbrekkend asylbelied en krapte oan dúdlikens oer arbeidsmigraasje jout in protte minsken tekoart oan frijheid.

Der binne in soad soargen, mar as ChristenUnie sjogge wy kânsen foar in feilich, rjochtfeardich, duorsum en frij Europa dêr't kristlike wearden foarop stean. Wy gean op 6 juny nei de stimbus; dit jier foar it earst as selstannige partij.

FOAR IN FRIJ EUROPA, WANT DYN FRIJHEID IS ÚS MISSY.

Wy stride foar frijheid troch:

- + In feilich Europa troch gearwurking
- + Beskerming fan de frijheid fan leauwen
- + Takomst foar minske en natuer
- + In earlik Europa foar elkenien

In feilich Europa

De oanhâldende oarloch yn Oekraïne bedriget de grinzen en dus de feiligens fan Europa. Dêrom pleitsje wy foar trochgeande stipe en genôch jild foar definsje om de feiligens fan Europa te garandearjen; yn gearwurking mei oare lannen. Ek wolle wy online in feilige omjouwing hawwe. Foar ús sels en foar ús bern. Dêrom moat de ynfloed fan Big Tech beheind wurde mei maatregels om ferslaavjend gedrach te ferminderjen.

Tagelyk moatte wy in dúdlik belied hawwe oer hokker lannen talitten wurde ta de Europeeske Uny en hokker net. It is wichtich dat lannen demokratysk binne en de rjochtssteat respektarje. Dit betsjut dat se har ynsette foar frije en demokratyske ferkiezings en tsjin korrupsje. Se moatte har oan it Europeeske Rjocht hâlde en har ynsette foar fûnemintele rjochten lykas frijheid fan leauwen. Neffens ús past in lân as Turkije dêr net tusken.

Feilich wêze betsjut de romte krije om te leauwen wat jo leauwe. Anja Haga (listlûker foar de Europeeske Ferkiezings) fertelt it sa: "Kristlike prinsipes yn Europa steane ûnder druk. Ik stean foar de frijheid fan minsken om te leauwen wat se wolle en hoe't se dit foarmjaan wolle. It kristlike lûd is dêrom essinsjeel en wichtich yn it Europeesk Parlemint."

In Duorsum Europa

Wy fine ús frijheid troch te stribjen nei in duorsume en sirkulêre ekonomy en tagelyk in ekonomy fan genôch. Wy dogge dit op basis fan ús missy om goed te soargjen foar de ierde; eat dat ús ferbynt mei minsken oer de hiele wrâld. Mei ús aksjes hawwe wy in wraldomfiemjende ynfloed. Om't dy saken fakentiids net ta lânsgrinzen beheind bliuwe, moatte se ek op Europeesk nivo oanpakt wurde.

As it giet om de oergong nei duorsume enerzjy, rjochtsje wy ús op it sels opwekken fan enerzjy; dat makket ús minder ôfhinklik fan oare lannen en enerzjy wurdt goedkeaper. Derneist fine wy

ek dat der in ferbod komme moat op plestik ferpakkingen. Hoe minder grûnstoffen wy nedich binne, hoe minder ôfhinklik wy wurde fan lannen as Sina foar produksje en grûnstoffen.

Dêrom brûke wy ús guod tenein en stypje wy bygelyks it rjocht op reparaasje sadat it op 'e nij brûken stimulearre wurdt; én wy binne grutsk op ús Europeeske boeren, túnkens en fiskers en de produkten dy't se leverje. Wy fine wol dat lânbou en fiskerij op in oare wize moat. Wy wolle griene prestaasjes beleanje, ús mear rjochtsje op plantaardich iten en wolle der bliuwend foar soargje dat famyljes in fatsoenlik ynkommen fertsjinje út it buorkjen.

Wy reizgje in soad yn Europa en dat wolle we sa duorsum mooglik dwaan. Mei mear en goedkeapere treinen, mei stimulearjende alternativen foar (koarte) fluchten en in goede oergong nei emisjefrij riden yn 2035.

In Rjochtfeardich Europa

Foar ús is elk libben weardefol; dêrom komme wy op foar it minsklik libben oft it no noch net berne, beheind of âlder is. Elke persoan is weardefol en moat mei respekt behannele wurde.

Frijheid betsjut dat der gjin romte is foar moderne slavernij en minskehannel. Lannen dy't dit tastean moatte straft wurde. Europa hat in dúdlik asylbelied nedich om flechtlingen dy't mei rjocht asyl oanfreegje te helpen in nije takomst op te bouwen, mar ek om in fluch beslút te nimmen foar minsken sûnder it rjocht om yn

'OPKOMME FOAR FRIJHEID FAN LEAUWEN, SOARCH FOAR DE SKEPPING EN GEARWURKJE OAN IN FEILIG EUROPA. DIT UNYK KRISTLIKE LÛD IS YN EUROPA ÛNMISBER!'



Anja Haga
Listlûker ChristenUnie

FERKIEZINGSPROGRAMMA 2024

Europa te bliuwen. Flugge screening en earlike sprieding oer hiel Europa soargje foar dúdlikens.

Dêrneist moatte der dúdlike regels komme foar arbeidsmigraasje: wy pleite dêrom foar in Europeesk pakt foar arbeidsmigraasje mei ôfspraken oer oantallen en doer fan de wurkperioade. Wy fine it wichtich om derby gear te wurkjen mei de lannen fan komôf, sadat arbeidsmigraasje gjin negative gefolgen hat.

Ferstannige ôfwagings

Anja Haga: "Ik fyn it wichtich dat der op al dy punten ferstannige ôfwagings makke wurde. Bygelyks, mei frijheid fan leauwen wolle jo oan de iene kant elkenien de frijheid jaan om te leauwen en oan de oare kant wolle jo it ekstremisme bestride. Jo wolle it klimaat sa gau mooglik ferbetterje en tagelyk moat it foar bedriuwen helber bliuwe. As it om migraasje giet ûntfange wy elke asylsiker minsklik en soargje der ek foar dat minsken weromgean as se gjin rjocht hawwe op in status yn Europa. Ik sis graach: ja en ja. It is net altyd of of. Dit liedt ta kronkeljend belied en polarisaasje. Ik gean leaver foar goed trochtochte wetjouwing mei lykwichtich belied wermei rjocht dien wurdt. Allinnich dan kinne wy mei inoar echt yn frijheid libje."

Kieze foar frijheid

Partijlieder Mirjam Bikker sjocht posityf út nei de ferkiezings: 'De ChristenUnie wol op dit stuit folslein kieze foar frijheid, foar romte om te leauwen, foar in feilich en duorsum Europa. As ChristenUnie hawwe wy de unike posysje om folslein op te kommen foar frijheid op basis fan ús leauwen. De frijheden wêr't wy as kristlike minderheid yn Nederlân fan genietsje kinne, binne in grutte oanwinst, mar stean ûnder druk. Mei dit programma litte wy sjen hoe't kristlike polityk foar djippe waarden stiet en dêrmei it ferskil makket."



Sjoch hoe 'sto mei dwaan kinst op christenunie.nl/europa of scan de QR-code.

STEM

ChristenUnie